


In ienselvige profeet

De bondel 'Samle fersen' fan Sjoerd Spanninga, pseudonym foar Jan Dijkstra (1906-1985), ferskynde sân jier nei syn ferstjerren. Fan dizze wrâldfrjemde dichter is no in kar út syn gedichten ferskynd, bedoeld foar de Nederlânske merke, fersoarge troch Jabik Veenbaas en Abe de Vries. De útjefte befettet 44 fersen. It oersetwurk ha se ferdield (Veenbaas 33, De Vries 11). Wat ik mis is in bibliografysk oersjoch. De datearring fan de bondels hie op syn minst wol even oanjûn wêze kind.

Veenbaas syn neiwurd 'Romance met het eigen hart' is gjin lofrede wurden. Hy tsjut de mystike oertsjûging fan Spanninga oan as „een intuïtief en zelfs wat dweperig geheel” en konkludearret dat er syn eigen pretinsjes net wiermakke. Hy „is niet de dichter geworden die de volledige mens bezong” (...) „niet de vlijmscherpe satiricus van de geborneerde burger,” mar syn krêft leit yn „de eigenzinnige en soms wondermooie beeldtaal.” In deeglik ferhaal, mar foar in blomlêzing as dizze oan de krityske kant.

Oer it algemien binn' de oersettingen slagge. Dêr blykt de betûftens fan de gearstallers út. Lykwols stuitsje ik op in tal misers dêr't ik net omhinne wol: Fan beide oersetters in foarbyld: De wynger, 'Lâns de bergen, oer de klingen. / Waakst yn sinneskyn it lok. / Lykas



Sjoerd Spanninga

Foto LC

bloeiende seringen / Hingje druven oan de stôk' (...) is oerset as: 'Daar hoog op de groene hellingen, / Groeit 't geluk in zonneschijn. / Waar de druiven als seringen / Van de stok te plukken zijn. (...)'

It orzjineel hat as metrum in trochee. Foar sa'n sletten fers is dat wichtich, mar it wurdt, al least yn rigel 1, net oernaam, nei alle gedachten fanwege it rym: hellingen - seringen. In rûnút ûngelokkige kar: de wurdlikklam falt sa ferskillend dat fan rym gjin sprake is.

Yn 'De dichter' stiet: 'Hy bûcht him oer it fers, in libben, / Sa sjocht in mem har eigen

bern; / De stjerren en de see, syn sibben, / Men sil se yn syn eagen sjen (...)’ mei as oersetting: 'Hij buigt zich over 't vers, een leven, / Zo ziet een moeder 't eigen kind; / Tot ster en zee werd hij verheven, / Die ieder in zijn ogen vindt (...)’

It spitige hjirby fyn ik fral dy tredde rigel. Yn de grûntekst is fan ferheffen gjin sprake, mar wurdt de bloedbân, it eigene, beklamme. Yn de mystyk is dat 'diel wêze fan' essinsjeel. It giet net om grutte of hichte. Ek de rigels dy't foarôf gean wize yn in oare rjochting.

Poëzy oersette is in faaie saak. Hieltid moat in kar makke wurde út in tal mooglikheden. Faak is it in kwestje fan werdachtsjen. En dan kin bliken dwaan oft de wrâld fan de dichter de oersetter eigen is. De fraach is: komme de net-Frysktalige lêzers yn de kunde mei de kwaliteit en it wêzen fan Spanninga syn dichterskip? Undergean se in fergelykbere lêssensaasje as de Fryske lêzers? It sil dúdlik wêze dat ik dêr net altyd wis fan bin, al hoe'n moaie en nijsgjirrige útjefte 'Indian summer' ek wurden is.

HARMEN WIND

SJOERD SPANNINGA: *Indian summer*. Een keuze uit zijn gedichten, Jabik Veenbaas en Abe de Vries, Bornmeer, Ljouwert, 133 s., €25.